

Foar de spiegel

Koart ferhaal

Jaap Krol

Kinst my alles freegje, hear.” Hy hearde de stim, seach nei de skouders, nekke en earms, mar wie fan doel earst mar neat te sizzen.

„Of soe er it al wol dwaan? Sa dreech wie it no ek wer net. Gewoan in kwestje fan dwaan, lykas fytsje of ôfwaskje.

„Hoe beginst dan?” frege er dus mar.

„Ach ja, in lang ferhaal – dat is it nammentlik. It kin wol oeren duorje. Wolst de lange of koarte ferzje?”

„De koarte mar.”

„Goed. Ik haw no earst sjippe brûkt om it gesicht te waskjen, mar dat is mear út gewoante.”

Hy gie op it bankje sitten en seach nei de bleate skouders.

„Sjoch, dan haw ik fan dy moai-e wattenpads om it nochris ekstra

„Aha, fêst hiel wichtich.” Mar hy hearde allinnich mar gerommel. Doe't er oerein kaam om it better sjen te kinnen, hâlde it gerommel op – as wie op de tafel in bestân ynset.

„Gewoan wat eyeliner, dat is faak al genôch. Dêrnei wat eachskaad

. Ik haw blauwe eagen, dus dat giet goed by brún of oranje. Wat wolst?”

Hy antwurde net, mar hie de kleur yn gedachten en liet him wer werom yn it bankje sakje.

„Goed, oranje.”

De spiegel frege om presysjewurk. Hy wie kommen om op stap te gean, dêrom hie er dit prosedee ferwachte. Sa achteleas mooglik hie er frege oft er sjen mocht, mei in soad entúsjasme hie it goed west („fansels!”). Hy hâlde de kop der by, want eagen wiene hiel wat oars as...

„No de lippen!”

... de lippen dus.

„Earst sykje ik in kleur út.

Foarkar?”

„Eh... read?”

„Read seit er. Haw ik dat? Ja. Hjir. Mear as fyftich tinten. Ik mei fêst wol oerdriuwe, fynst net?”

Hy joech gjin antwurd en seach nei de lippestift, dy hiel behendich oer de lippen gie. It read tute eefkes, de eagen knipperen nei him. Doe't de stift foar de spiegel set waard, waard de stoel om-draaid.

„No? Wat fynst derfan?”

Hy seach him oan en koe net ûntkenne dat er ferrast wie.

„Ik fyn it moai, antwurde er. En no?”

„No klaai ik my oan en geane wy op stap!”

„Mar bist dan net bang of sa?”

„Bang? Ik? Ik bin skitende

benaud

, mar dat docht my neat. As it op in punt komt dat it dy neat docht, dan kinst gewoan net mear ophâlde.”

Tagelyk kamen se oerein. De tafel wie noch besaad mei make up, mar it effekt fan oereinkomme wie dúdlik: it moast der nó fan komme.

Hy joech gjin antwurd en seach nei de lippestift, dy hiel behendich oer de lippen gie

Op it oanklaaien nei, dus. „Ik doch der in moaie hoed by op, dan kin it my hielendal neat mear skele.”

Hy foarfiedle dat it noch wol eefkes duorje soe, mar dat joech neat. Neat joech wat, alles mocht. Salang't er fan alles freegje mocht, koe him neat oer komme.

Eins woe er hielendal net op stap, mar oeren en oeren foar de spiegel sitte.

.....
Bedobje Verbergen, begraven Wynbrauwen wenkbrauwen Eachskaad oogschaduw Skitende benaud erg bang

Op rûte - net te folle, presys goed - waard de krêm ferdiel oer it gesicht

skjin te meitsjen. Handich no?”

Fia de spiegel seach er dat de hannen it gesicht bedobben ûnder de watsjes en dat se dêrnei fuortsmitten waarden yn it al iepensteande jiskeamerke.

„En dan?”

„Dan is it tiid foar krêm. Ik brûk fochtynbringende. Hiele simpele hear, dêr hoechst gjin djoere foar te keapjen. Binne myn fingers yn byld?”

Hy knikte nei de spiegel.

„Moai. Dêr gean ik.”

Op rûte - net te folle, presys goed - waard de krêm ferdiel oer it gesicht. Hy seach dat it earst wyt waard, doe noch witer en doe stadich oplostte yn de glimmende hûd.

„Sa egaal mooglik dus”, hearde er. „Sjochst?”

Hy gie wer op de râne fan de bank sitten om it better sjen te kinnen.

„Ik sjoch it”, antwurde er nei in skoftke.

„Moai. Hjirnei brûk ik altyd wat rouge, om it gesicht in lyts kleuraksint te jaan. Sokke aksinten binne wichtich, it jout krekt eefkes wat ekstra's. En dat haw ik graach, want de jûn is noch lang, dat silst begripe.”

De fingers wiene al dwaande, yn de lytse keamer waard it derom eefkes deastil.

„En no?”

„Hjirnei doch ik de wynbrauwen

. Ik boarstelje se earst in bytsje en krij dêrnei myn eachpotlead. Altyd swart, dêr fiel ik my goed by. Ik haw in frij lichte hûd, dus sa falt it mear op. Sawysa is it wichtich om fan boppe nei ûnder te wurkjen, dus hjirnei komme de eagen.”



bij de Ielânen in Sneek mee aan de muzikale improvisatiewerkshops. Foto's: Marchje Andringa